

Yn de wrâld fan in crossdresser

FD 27-6-'9

Roman


troch Jaap Krol

Marga Claus is in arrivearre namme yn Frysk letterlân. Se waard bekend mei har 'dokumintêre romans', ynspirearre op maatskiplik aktuele tema's. Sa skreau se *Oxana*, *De heit fan Serafyn* en *Lytse do*. De opfolger is *Bollman & Bollman*, in boek oer in delikaat, mar nijsgjirrich ûnderwerp: travesty. It is de earste Frysktalige roman oer dit fenomeen, in unikum dus. Smyt dat ek sterke fiksje op?

'Yasper' is in wat frjemde namme foar in haadpersoan. Syn alkohoalyske heit koe yn it gemeentehûs de 'J' en 'Y' net mear útinoar, sadat er in namme krigen hat dêr't it Y-chromosoom al yn besletten is. Alteast, sa hat Yasper dat opskreaun yn lange epistels oer syn libben, dy't er yn opdracht fan syn psycholooch Boerema opskreaun hat.

Syn mem wie in sterke dame, dy't it leafst op har moaist troch de stêd rûn en har soan 'lytse prins' neamde. De swijende âlden hiene in protte soarch foar it slim sike suske Fride, dy't sa in soad omtinken opeaske. It meast fan heit, dy't de nuvere gewoante hie om rouadvertinsjes te sparjen fan foaral ferstoarne homoseksuelen en fierders hast gjin wurd wiksele mei mem.

De folwoeksen Yasper sit oerspand thús, oertinkend syn libben en fierders pinige troch it carpaal tunneldroom, oftewol 'snie yn 'e fingers'. Dit is foaral in frouljuskwaal, dy't Yasper fan syn mem urven hat. It liket alle gear al te begjinnen yn it



It risseltaat fan in promoasjeaksje foar de roman *Bollman & Bollman* fan Marga Claus. In fjoerreade pump op in fjoerreade peal by de sneldyk lâns. Foto: Argyf Marga Claus

begjin, liket Claus te suggerearjen.

Fan syn geheim hawwe mar in pear minsken weet. Liv, syn frou, hat him júst dêrom ferlitten. Marije, syn dochter, wit fan neat. Syn bêste freonen binne de kat Yussuf, de fûgel Wê-wâh en Alide, in kollega fan it wurk dy't faak by him oer de flier komt. Fierders hat er in alter ego, Ina, dy't er regelmjittich brieven skriuwt. Dêrneist lit er de

spanning wat los by in wat tsjustere magnetiseur.

Fan al dizze minsken is it Alide dy't him it meast benei komt: eins falt se wol foar de sjarmes fan Yasper. Hy is elegant, sêft en wit har te reitsjen mei syn presize formulearrings oer it wêzen fan de froulike kleandracht. Sy is dan ek dejinge oan wa't er syn geheim fertelle móat. Hoewol't se nei dizze beken-tenis tichter by inoar lykje te

kommen, wifelet se ek, om't Yasper hieltyd nuverder details loslit oer syn ûnrêstige en iensume libben.

Dochs wurdt geandewei it ferhaal dit spul fan iepenherichheid en betrouwen hieltyd yntimer. Yasper liket him te ûntspannen, sa tusken syn dierbere bisten, syn psycholooch en Alide. Mei har sil er dan ek nei Amsterdam: nei in ferklaaishop fan Saskia en nei de travo-winkel fan Els en mei-travo Joop. Grutsk op syn moaie looks liket er de skamte oerwûn te hawwen, hielendal as er de betonweinsjoffeur Rob foar de televyzje sjocht, dy't oer syn passy praat as hat er it oer it it waar. It is tiid om út de kûlissen te kommen, wit Yasper. 'Nooit bang zijn', sei Els. Mar fine oaren dat ek?

Claus set swier yn yn dizze roman oer crossdressing, kompleet mei bibelsitaten út Heechliet, myten, kultureel-filosofyske beskôgings, keunst en muzyk. Doch is de skriuwster op har bêst as se to the point komt. It ferlet fan Yasper wurdt pas taastber as er mei Alide, de psycholooch en it winkelpersoniel praat. Dit nijsgjirrige ûnderwerp fregget lykwols net allinnich om dialooch, mar ek om aksje.

Mar wêr is dy aksje? Yasper syn dûbele identiteit is foar in lêzer in optelsom fan terapieën, petearen, memoires en beskôgings. In soad relaasjes hawwe gjin stimlûd en ferfolje sa deselde dekorfunksje as bygelyks de muzyk fan Arvo Pärt of de foto's fan Rineke Dijkstra. Sitaten út Heechliet ferdwine tusken safolle oare ferwizings en hawwe dêrtroch hast gjin impakt. Dizze optelsom yllustrearret, mar pakt net.

Dat docht it ferhaal gjin goed. De haadpersoan wurdt iensidich delset as prakkesearder. Syn beslommerings kenne gjin begjin, gjin ein en fermoeie op 'en doer. Der is gjin ûntsnappen mooglik, elke sin giet oer Yasper.

Mar *Bollman & Bollman* rammelet ek op oare mêden. Sa wurdt it lêstempo kontinue ûnderbrutsen troch kursive staverings fan lienwurden dy't allang ynboargere binne (googeljen, stand-by, close-ups) en sitte der net-logyske eleminten yn de tekst, lykas de folslein Frysktalige winkel fan Saskia foar de Nederlânsktalige shop fan Els. De bekendste humorist fan it lân is stavere as 'André van Duyn'. De dialooch tusken Yasper en Alide wurdt te faak ûnderbrutsen troch oerstallige tafoegings as 'Mar foar't se der erch yn hie, wie de fraach der al út' (s. 57), 'Se wit net wêrom se dat seit' (s. 125), 'heart se harsels sizzen' (s. 136), wat in sleau effekt jout. Al dizze gruttere en lytse saken bedekke wat yn elke fiksjewurk ferplicht is: spanning.

Hie *Bollman & Bollman* net mear potinsje hân as it as non-fiksje boek skreaun wie? De tematyk is moai, de iepenheid oandwaanlik, de sfear soms taastber. Want doe't ik de professionals Boerema, Saskia, Els en Joop praten hearde, dōe seach ik Yasper.

i *Bollman & Bollman*. Marga Claus. Utjouwerij Fryslân, 17,50 euro

